




Frieslând înnâ wiel end ho der üt

<https://hdl.handle.net/1874/234083>



mm 10600

Fc Wag. 1.

Instituut voor
Oudgermaanse Taal- en Letterkunde
aan de Rijksuniversiteit
te Utrecht

BIBLIOTHEEK UNIVERSITEIT UTRECHT



2870 584 0

Frieslând inna wiel end ho der üt,

FEN

JAN VAN WAGENINGEN THOE DEKAMA.

Mei Gode for Keninginne end
Faderlând.

Tsiënoer da revolutie det
Evangelie.

TO SNITS, BY
F. W. WIELENGA.

1894.



Instituut voor
Oudgermaanse Taal- en Letterkunde
aan de Rijksuniversiteit
te Utrecht




Mîn' ljeava Friunde

JOHAN WINKLER

Instituut voor
Oudgermaanse Taal- en Letterkunde
aan de Rijksuniversiteit
te Utrecht

TAWYD.



Det alleman ûnderdienich sy da oer hin wâld habbende, om der is nin biwâld as fen Gode, end da machten, dy 't er bisteane, sent fen Gode insteld.

Sa 't, hwa hin kanteth tsiën det biwâld, dy kanteth hin tsiën d' instellinge Godes, end hwa der jin opsteane, scille hiar self in oardiel op den hals helja.

ROM. XIII, 1—3.

Lids da rikon disser wrâld op, det hia net greatsk ne sent, ner net bitroua op det ûnwisse des rikdommes, nammers op den libbena God, der ûs mild bijeftigeth mei alle ding om to binietsjen.

Det hia goed dwaende, rik wirde in goeda wirkon, jerne meidiele end gemiensom sende.

I. TIMOTH. VI, 17—19.

Wês derom net in noed, sidsende: Hwet scille wy ite? Ef hwet scille wy drinke? Ef hwer scille wy ûs fen klaeye? Hwent om al soks sikje da heidena; end jimme himelske Fader wit ommers, det jimme al dam dingon brek habba. Derom sikje earst da riucht-firdigens end det keninkrik Godes, end al disse dinga scille jimme der op ta jown wirde.

S. MATTHEUS VI, 31—34.

F O A R W I R D.

WIER END TROU.

In th' *Friske Folksalmanak* for 1892 skrieau ik in „neilèsinge” oppa skiednis der State Hoxwier to Mantgum, hokker skiednis inna jiergong '90 fen det jierboekje det liocht sioen hied. In wird, in oprop oan den Friske Adel, oanna Friske jonkers, der „oan Noard-Nederlânds âldste-hegeskoäle witnis end kennisse to forkryen sikje”, end ek sa 'n oprop oanna Friske skoâlemasters, beide mei th' doel: oan to fiterjen, om ûs Friske sprake de kroane oppa holla to hâlden, makken det bigjin fen dér neilèsinge út.

Sont dér tide hab ik oanna Friske edelfeinten, stúdinten in Leiden, in oerprintsels fen dér neilèsinge tastiurd, mei in brieve, hwerin ik mîn thinsen mear in th' briede útspûn end iepen laei. In friund rette my oan dit brief as „Iepen Brief”, det liocht sian to litten. Ik hab disse ried opfolge, en siuch hiër den Friesen mîn brief Jimme tabrocht.

In d' oarspronkelike tekst hab ik hiër end der hwet foroare; hiër mei in sin wei to litten, der, troch in sin in to laskjen. Dî lêser scil disse fryichheit wol forjaen wolla; det brief is der net mindor om wurden.

In wird fen thank steane hiër oan da thige learde Hearon Dr. Med. L. C. MURRAY BAKKER to Hûsum end SAKE KORNELISSOAN FEITSMA to Liowerd, der jamk sa friundelik wieren hiar skatkeamers fen Friske tealleardens for my to iepenjen.

Op th' stik fen teal end boekstoyinge hab ik ont sikere hichte det spoar folge fen sill. HARMEN SÎTSES SÎTSTRA end sill. TIEDE ROELOFS DÏKSTRA, — eare dam lofwirdiga mannon! — der in disre sake oppa grûndslach stieden fen th' âld-Frisk, nei 't my foarkomth, d' ienige goede grûndslach. Ja, jamk bin ik wol fiërdor gien end sent skiëne sûvere ef folle âld-Friske formen brûkt, hwer ik dit sûnder ûnforsteanber to wurden dwaen koed end hwer diu swietlûdigens fen in sin derthroch forheeye waerth. „Diu wrâld is net in ien dei makke” end earst niumkelitsen scoed ûs folk wer oan th' sûver skriuën end praten fen sîn sprake wend wurde kinne.

Da opriichte Friesen, det sent dà Friesen, der hiar sprake like ljeaf hadde as in bern sin Mem, end der net alinne for hiar skiënens, *mar ek for hiar adelldom in iepen each hadde*, hiam scil hit in nocht wêsa hia oppa 't lêsien end skriu en disse âlde end sûvere wîrdon end formon út to lîdsen; omdet hia oertûge wêse scille, det ûs oer-âlde, grîse sprake to edel is, to heech stieth, om ek in der pinne der Friesen fen dei ta dei al mear to forbasterjen, lik as hia, — mieri! — inna mûla fen ûs foltsen fen dei ta dei al mear forbastereth; omdet hia oertûge wêse scille, det in thige middel om in disse sake bettorskip to bringen end den alhiela ûndergong fen ûs sprake foar to kommen, hiêrin bistieth, det hia in sûverens fen form, sa folle mûglik, wer brocht wirth oppa hichte, der hia ienkear innaem; omdet hia einlings fen mieninge wêsa scilla, det hia mei sok dwaen alhiel in hiar riucht binne, oermits wy, foarst, hiêr to dwaen hadde net mei in stadich dyen, lik as by oare sprakon; mar mei in stadige forbasteringe throch d' infloed fen freâmde tealon end gouspraken, binammen fen th' Hollândsk, end, oard, oermits disse forbasteringe binammen det gefolch is fen hiar forfal fen miene lândssprake ta th' *idloom* fen in inkelde (end legore) stând, in forfal, det by oare libjende sprakon net pleats hawn heth; hwerom hit den ek nin sin habba scoed, as ma, in th' Thîtsk b. g., da sprake end boekstoyinge fen Maerlant wer in brûkma bringe wolle scoed.

Hit gieth mei ûs âlde sprake as mei in âld hûs, det b. g. in twa of thrye hûndert jier stien hath. Is d' eginer fen sa'n kostelik, skilderachtich hûs in sinnich man, den scil hy thige noed der fen stean, hit goed ûnderhâlde end, wirth hit brekfallich, den hit mei fordrach in sin âlde foegen stelle. Is er likwols inêrlik in plat, rûch end rou man, heth er nin each for 't biloop fen formon end kleuron, den scil er krekt sa lang sin hûs ûtslûrje litte ont einlings sin hiêten koartwei klinkth: ôfbrekke d' âlde fal-om!

End sa gieth hit nou ek mei ûs âlde sprake. Hwa-t-in man is fen ôfbrekken, ôfskaffen, delheljen fen th' âlde, dy scil hit restich oansien det ûs edele, âlde sprake aloan end aloan mear ôfbritsen wirth, ja hy scil derta meiwirkje; mar di fromme stând-Fries, der, binammen as er in sinnich man is, in ûs degon opskrillet alinne al by th' heâren fen da wîrdon „ôfbrekken" end „ôfskaffen", hy scil oan dit delheljen fen th' gebou üsere sprake net meidwaen, mar der op üt wêsa om se in d' âlde foegen to stellen.

Koartwei, mocht dos det foarbîld fen HARMEN SÎTSES en TIEDE ROELOFS oppe ny mear algemien neifolginge fînde end den fen liudon, der leardor sent as ik (*ik* scoed al lokkich wêsa, as ik da roajinge mar oanwîsd hadde mocht), den koed hit wêsa, det mei th' Frîsk skriu en det Frîsk praten wer sûver waerth. Mar ta dit alles is nedich, dat ûnder d' opriichte Friesen, der ik boppe op th' each hied, ek riu skoâlemasters fûnd wirde, mannen, in hwaem di geast end det fûr fen in master Gisbert libje! Diu stipe fen sokke liudon kin in disre sake net mist wirde!

Yetteris, d' opriichte Friesen, da wiere friunden der Friske teal, kinne net meidwaen, nou likemin as alear, oan th' stadich, aloan end aloan, ôfbrekken der hiam sa in-diûre sprake, kinne net meidwaen oan disse heilleasa wirke der domms. As fromme stând-Friesen hâlde hja hoek, ek in disre sake, tsien d' omwentelderye, end „*mei God end mei foriende krêften*" îverje end strîde end wrakselje hia, ont d' ende ten hiar libben, om „hiar spraek noch ien kear to hir âlde glorie tobec (to) bringe(n), end sûvere fon freamde ynmingsels, ûntdien fon falske formen, oppa neiteam oergean lete (to) kenne(n)."¹⁾

¹⁾ *Iduna*, 1845, bl. 87.

Mar.... harkje!.... Ik fornim der hommels in stimme!.... „Op-riuchte Friesen,“ sa hear ik roppen mei in lûd, det aloan foârssor wirth, ont hit einlings wol út thûsendon Friesena mûlon liketh to kommen, „op-riuchte Friesen, stând-Friesen, wiere friunden der Friske sprake!“ Man, in hokker „ieu libbesthou wol to-bek in Din thinsen? Sent wy nou net in in tid, der „folle lokkigor end bettor is as diu forrûne, der Dou fen droagest, do ma „mei stimpers fen skoâlemasters as GISBERT JAPICKS oanpiele moast? Libje „wî net in der loksillige tid-*fin de siècle*, der tid fen foarûtgong, fen kennisse „end biskavinge? Habbe wî nou net ûs kostelike *neutrale* skoâlen, end scil „net ringen „learplicht“ earst ris in wierheit „Frede op Ierde“ bringe? — In „disse ûs lokkige tid den fen foarûtgong habbe wy, frye Friesen, wol hwet „bettors te dwaen, eat det wol sa *praktisk* is, det mear „opsmith“, as ûs „beusich to hâlden mei... ûs sprake, ûs út to lidsen op... det biwarjen fen ûs eginaerd! O, sillige foarûtgong!“

Det thonger-lûd swei.

Ik riboske: Hit wier Satan, der ik heard hied!

Inskewielende lêser! In mîna brieve, lik as in disse foarwirde, hab ik mîn thinsen hiar gong gean litten, hab ik delskrieaun hwet my oppa th' herte laei. Hit is ljeafde alinne ta mîn' heitelânde end sîner' sprake, der my da pinne op-fetsjen diich end nei lang skoârjen my der ta brocht heth disse skriuwerje út to jaen.

Mei den ek hia sied wêse, det, fen da fiouer windon opnomd end tor-spraet, hiër ef der in goede ierde falth!

Det jowe d' ingoê God!





DEKAMA STATE, HJELSUM, dis 7^e dei in
Blommemoäne A. D. 1892.

Hâlde goede wacht
tsien den südera oard';
hwent ütter mîlda herna
komth üs alle kwead foart.

Feroaringe op th' bikende wird fen
IGO GALAMA, da potastaet (9^e ieu).

Min goede friund JR Heil end Frede!

Hiërby stiür ik Dy in oerprintsels ta fen mîn bydrage in üs Friske folksmanak fen dit jier, mei yet sa'n oerprintsels fen mîn stikje in th' almanak fen forliden jier, in opröp oanna Friesen, titele: „In Frieslând frisk!" Sjuch: *Fr. Volksalm.* 1891, bl. 130—132.

Hwerom as ik det doch? My thinkth, det ik Di in th' opskrift fen disse brieve mei Din *kwaliteit* fen mei-bistiürder ten th' studinte-selskip „Frisia" neam, scil Di soks al ringen ütdüdsje, scil Di al ringen det andert op boppesteande frege jaen moäte, asthou nammentlik thinkste oan mîn opröp oan da „Friske jonkers, oanna jonge Friske edelliude, dy oan Noard-Nederlânds âldste hegeskoäle witnis end kennisse to forkryen sikje." Ja, ik stiür Di disse oerprintsels ta in jefthe for det archif fen Jimme selskip, end ik kin net litte derby den winsk, den hertgründiga winsk üt to sprekken, det mîn wörden oanna leden ten „Frisia" (1892), oan alle Friesen in th' algemien (1891), by folle, o, wier it mar by inkeldon fen Jimme, Friesen in Leiden, werkklank fînde end frucht drage mochten!

Stean my ta hiërby to sidsen hwet folgeth: Scilla da Friske edelliude end da Friske wol berne eginierden ef patriciërs, der ik ek ta d' Adel rekkenje, — in âld Friske sin is grif eltse frye Fries, der end fen Friska ethe-lingon ôfstamth end in ethel (adellik guod) in aeindom biëth, edelman, *Frisius nobilis*, — scilla hia, sids ik, lik as by âlds, wer Frisk pratende Friesen wurde, fromme, ienfâldige, dreege, sliuchte end riuchte stând-Friesen, lik as hiar foarfiers in oer-âlde tidon soks wieren, den moäte hia, hit is in earste eask, net inna steden gearhokje, binammen net in det ûn-Friske Liowerd; nee, den moäte hia wer, lik as by âlds hiar forfiers, in Frislând komme to weinjen, ik mien op 't Friske lând, op hiar „Staten". Op det Friske lând, hwer diu Friske sprake yet klinkth, mei th' alde Islândsk d' âldste en edelste fen alle Germaenske sprakon, op det Friske lând, hwer di friske wind, — Gods stimme, — fry troch da beämen end oer da fielden waeith, end hwer det fûgelt siongth.

Sont det jier 1848 binne wy, Friske edelingen, fenna *revolutie*-geast, da geast fen omwentelderye end ûntkersteninge, da Franske wind, m. o. w. fen

th' liberalisme mei sin maet, da modernisme der ûnlieauige prekers, dy beide „foarûtgong" bringe scoeden, mar afterûtgong brocht habba, — sent wy fen dam geast binammen (ek diu stomkrêft hath folle op hiar rekken!) fordrieaun fen th' Friske plattelând, fen ûs egin âlders erf; mar dochs, hit moâth frege wirde, ef det knibbeljen, in disre ieu, fen sa 'n bulte Frieson for alles hwet „dî sùdera oarda, diû mîlda herna", for alles hwet dî Franske wind ûs oanbringth, ek in ûteringe wêsa kin, ho spoarbiuster den, fen dêr selfde oer-âlde end edele fryheitsljeafde, dy al inna tidon der Romers det ken- end wiermerk wier der frye Friesen.

Da Friske edelingen, net alinne da stêd-, bettor *salon-* ef *salet-*jonkers, fen hwaem ma soks forwachtsje kin, mar ek da lând-jonkers, sent al mear end mear ûn-Frisk wurden, sent derthroch — mieri! — *al mear end mear bûta da Friska folke to stean komd*, wilt hia forgetten habbe, det ûnder alle Germanon, by da Frieson, fen âlds, det ûnderskied fen stândon hit litste wier.

Nei 1813 wieren da folle misbrûken fenner âlde bidielinge, lik as hia inna tidon der republik ûntstien wieren, wol ôfskapt; mar dî geast, der den Adel bisieleth, is dermei yet net wer folksaerdich wurden, end hy blieau, en bliuth yet altd, ütter hichte del siean op folle det sûver end oarbildich Frisk is in sprake end sedon, in aerd end brûkmon, miende, end mienth yet altd, sin greatens end infloed almei ophâlde to kinnen end to moâten throch ütlandske praet, seden end menearen, sûnder reden bang, det er beide mei Fries to wêsan, forspilje scil.

Det ûn-Frisk dwaen fortrette, — end mei riuchte, — sawol in 1795 as in 1848, d' oara Frieson, da boeron end boargerliudon, dam mannon, by hwaem, krekt inna degon fen '48, det Friske bloed krêftich opteach, brûsde en sead, sadet den ek ûnder hiam in hopen fûnd waerden, der fol fiûr wieren for da Friske sprake end bisiele arbeiders in ûs Friske lettertûn; end do den ek in 1848 dî Franske wind alwer, rûndom in Europa, rûsde end bile, fûnd dî geast, det sribjen throch dien wind forspraet, det *ultra-revolutionaire* end in sin gefolgen sa heillease sribjen, om oanna oerâlde end natûrlike lidinge des Adels in sakon fen steatkinde end in th' rejeear fen lând end diel, in eind to meitsjen, ek ûnder hiarren waerne friunden, end det liberalisme fen '48 wier berne, det liberalisme, det sûnt dêr tid in Frieslând hearske hath. End mei hwet gefolch hearske?... Wilde Sarl! Al is ek throch da kennisse end den îver fen th' lands- ef *provinciael* bistiûr folle goods ta stând brocht, dochs binne da trûrige hioeddeiske tastânden in ûs âlde grietenyen der, om dà frege to bianderjen; dà tastânden, hia sent net alhiel, mar dochs for in great part, diu frucht fen th' liberalisme end fen sin maet, da moderne ûnlieaue. Alear in pronkbild fen bloi end woltier, wilt rûndom, as wiere „Edelsitzen" da skiêne staten fûnd waerden fen in *talrike inweinjende Adel*, sadet ûs Friske faderlând in pilgromsoarde wier for skilder end âldheitljeafhabber, — ist, mieri, mei ûs nou sa akelik ientoanich, keal end neaken boerelândtsje sa fier al komd, det hit wol det Nederlândske Irland neamd wirth. Dêt alles is for 't greatste part det wirk fenna Franske wind, der oeral hwer-t-er waeith, det liberalisme end det ûnlieaue afterlith, end mei sin forthoârijende amme d' âlde ienfâldigens end dreegens mei al th' folksesine end folksaerdige fordeârth, end sa ek ûs Friske folk, alear sa dreech end eabel, alhiel oer-dwealsk end spoarbiuster makke heth, — det wirk fenna Franske winde, diu frucht fenna boase, ja divelske geast der greate Franske *revolutie*.

Friske Edelingen! Litte wy üs opmeitsje, om Friesland, üs heiteland, to rêdden! Dê't wirk, dê't hearlike, dê't edele wirk komth üs ta, hit is üs riucht, üs plicht. Litte wy hit wêsa, der, sieande op üs Opperste Liedsman, mei in moed fol ljeafde end barmhertigens end fy fen alle krimphertich, selfsiuchtich, ûnkristelik *Conservatisme*, mei middelieuske ridderlikens end keinens, üs foarop jowe, om da demokratiske biweginge üsera degona in kristelike roajinge to lieden end derthroch da *revolutionaire democratie*, dit wirk des divels, foar to kommen, ûnder der leuse „*Mei Gode for Keninginne end Faderland*” end der romroftige fen üs foarfaderon „*God wol hit*”.

Mar scille wi in disre sake slagje, den sent fiouer saken nedich:

foarst, det wi as lieauige Kerstenen, lik as hit Kersten-Edelingon fogeth, Godes seine oer dit üs hillich wirk inroppe;

oard, det wi det Hollandske wird „*Herzie U zelf*” op üs self in tapassinge bringe;

tred, dat wi üs wer in Friesland, in 't formids fen üs egindommon end bisittingon, op üs staten del sette, der üs went, üs hiem, üs *home* wer habbe; end

fiêrd, det wi wer Frisk pratende Friesen wirde, wy end da bern, der di Heare üs jaen mocht, en wi sadwaende dam kindon wer in foarbîld jowe fen ljeafde for lând end sprake end folk.

Neat net sûnder God. Him, üs ljeave Alfader, moâte wy by alles hwet wi ûndernimme end sa ek bi disse wirke, bidde om help, om kreft, om *Ljeafde* binammen. Ik brûkte boppe da wirden „as lieauige Kristenen”, — jonge liude, studinten, kin, mei ik soks sidse? O, di God der ljeafde jowe hit! Hy lûke jimme ta Him! Hwent sikersonk, al det ûnk end det lyen end det forkearde in üs lândtsje, al d' oerdwealskens, diu greatskens, diu stofforgodinge, diu selfsiucht end d' ûntofredenens, hit komth alles alinne hiêr üt foart, det in disre ieu da Friesen for 't greatste part miene hit wol bûte God om, bûte Jesus om rêdde to kinnen.

Och, end di Heare heth self sein: „*Sûnder My ne kinsthou neat dwaen*” ¹⁾; mar ek hath di Heare sein: „*Sikje earst da riuchtfirdigens end det keninkrik Godes end al disse dingen scille Jimme der op tajown wirde*” ²⁾.

O, litte wy der dochs jimmer oan thinke, det sokke hillige wurden des Heara, da kostelikste, der ea op ierde in minskelike mûle spritsen heth, ef ek sprekke scil, ek for üs end ta üs sein binne.

Sûnder God kin di minske neat, mei Gode alles! Derom wirde diu leuse fen üs 16^e end 17^e ieuske foarfaderon ek wer üs *ideaal*:

God di Heare alles in alles!

Den scil ek di 17^e ieuske bloi end woltier werom komme in üs lând! Den, mar ek den alinne!

Scil dos üs strîbjen mei seine bileane wirde, den foar alles üs self hillige, den, nei afaers aerd, da hânden wer gear end d' eagen omheegens, end wer delknibbele oanna foeten fenna th' Krûs. Den Kening Jesum net langor miskend, Him Sîn eare net langor ûntnomd, Him Sîn kroane net langor ûnthâlden. Den in foarbîld nomd oanna Krûsriders der middenieuen, — hwerûnder sa riu edele Friesen wêst habba, — der, fen ljeafde for den Heare

¹⁾ S. Jan XV, fs. 56.

²⁾ S. Mattheus VI, fs. 33.

drieaun, alles forlieten, om in th' fiere, fiere Asië, inna strid tsien d' ûnlieauigen, meiskien hiar dead to finden.

Ja, wêse wy foar alles Krüsridders, wêse wy foar alles ridders fen Jesus, d. i.: jowe wy in foarbild fen Kristensin end Kristendeugd; bisielje ûs derby, om ek in byspil üt lettora tide en wol üt disre ieu oan to heljen, det fiûr fen in WILLIAM BOOTH, disse edele Kristen-held, disse manne Gods, end om in ûs Nederlandon to bliuwen, det liochtjowend foarbild fen in GROEN VAN PRINSTERER, fen in ELOUT VAN SOETERWOUDE end fen in KEUCHENIUS, disse 19-ieuske Krüsridders, disse Kristensteatsliudon end Kristenedelliudon ¹⁾ fen echte en heege biskavinge; alle mannen in hwaem, throchdet hiar libben in gebedslibben is ef wier, sa hearlik det ûnthiët der Skrift bifêstige is, det hwa God freseth, ljeave wêse scil beide fen Gode end minskon.

End nou ik dit lêste edel thryetal neamd hab, nou kin, nou mei ik ek den namme net forswye fen da fiërde in dit fiouer-blêd, fen him, der fêst ien fen da greatste sa net di greatste Nederlândske steatsman neamd wirde moäth üt dit lêste ferndel der 19^e ieu, den namme fen ABRAHAM KUYPER, fen da man, der fen sin tsienstanders like skandelik hüne end miskend, as fen sin friundon end likstimdon eard end heechachte wirth, fen him, da stoere *Calvinist*, da manne Gods, der, in 's Hears krêfte, throch sin nea net noch to prîsgjen liedinge, da party, dy in disre ieu in Nederlând tsien den geast der rebûlje (*revolutie*) opwraxeled end den mei rom oerdlitsen feane fen th' ûnforbastere neiteam der Geusen heech hâlth in th' formids fen der barninge des hioeddeiska, moderna libbens, der dá party, sids ik, siner hateren ta spît, hioed di dei mei Godes helpe, ta der krêftichste meitsje kinne scoed in ûs Nederlandon, as net krimphertich, ûnkerstelik *Conservatisme* end krimphertich *Tsjerkisme* gearspanden om hin wiuklaem to meitsjen.

Koärtom, stappe wy inna foëtleasten fen dit edel fiouertal, den scil ûs feane, fen seld den hillige Oranje-feane, den feane fen der kleur fen ûs in-ljeave, allertrochloftichste, litse lândsfrowa bi der Gratie Godes, fen ûs hertelapke, fen „ûs poppe“, (God hoedsje Hiar Majesteit!) disse kostelike wurden to lêsen jaen: „*Mei Gode for Keninginne end Faderlând*“, end: „*Tsienoer da revolutie det Evangelie*.“ Under disse feane rinne al hwet Kristen is, sûnder ûnderskied fen tsjerke ef tsjerkjes, — foaroan di kristelike Adel, — in 't gewear tsien da machten der thsiusternisse, tsien ûnleae end *anarchie*, d. i. tsien Satan, der mear as ea omgiëth, sikjende hwa-t-er fordilgje kin.

Ik spriek niis fen ûs „lândsfrowa by der Gratie Godes“. Dit „by der Gratie Godes“ sy ûs mear as in klanke, mear as in bleate *formule*, üt eardora tide oerblieaun, mar tsienwirdich sûnder biteikenisse mear, in *formule*, der wy, omdet hia nou ienkear inna titel fen ûs Lândsfrowa foarkomth, üt in soarte fen earbied for da Kroana alinne, in wêsen litte. Nee, dit „by der Gratie Godes“, ef hwet yet swietor klanke jowth, dit „fen Godes Genede“, hit habbe for ûs wol indied in diëpe, in skiëne, in kostelike biteikenisse. „Der is nin biwâld as fen Gode end da Machten, dy 't er bisteane, sent fen Gode insteld“. Iearth ûs di hillige apostel Paulus; alsa: nin fader, nin master, nin riuchter, noch diu Keninginne, noch di Keiser, mei ien wird, nin overheit sy ûs thinkber as „by der Gratie Godes“.

¹⁾ Nin wier, nin „echt“ *aristocræt* scil hin stiëte oan det bineamen fen GROEN den KEUCHENIUS as edelliude.

End nin leare sy üs den ek mear *revolutionair*, mear forfysom as d' ûnwiere, oera-miëte godlease, ja, blikens hiar bûtesporichheden, sataniske leare der saneamde folkssouvereiniteit. Disse grouelike draek moäth fen eltse Kristen-edelinge, fen eltse Kristen-riddere bikampe wurde.

Diu macht der Kroana, fenna liberaliston binuttige (sadet d' útsprake fenna socialiston, det as bleat sieraed in *monarch* in üs degon to diûr is, riucht fen bistan hath), diû macht fen üs throchloftige *souvereine* wurde wer greater end ta-alik wurde diu macht fen der *vertegenwoordiginge* des folkes by der Kroana wer litsor end disse *vertegenwoordiginge* self mear in wierheit in *vertegenwoordiginge* des *hieda* folkes!

Throchsikje Din egin self. Yen self mei Gods help to forbetterjen, ef mei oara wiron, yens egin ik nei to slean, det wol for üs sidse, foarst, ôflidse hwet net opriucht end süver end äld Frisk is; dos alle soarten end miëten fen greatskens end alle ûnbidige freamdsin.

End as d' edeling dimmen is ten herte, hwa wit, meiskin lidse den by th' eindslüten üs Friske „eindieuske" boeren end boeresoänen hiar greatskens end lompens ek wol ôt, disse kostelike (!) fruchten alwer fenna modern-liberale foarütgong, fenna modern-liberale geast, der, — lokkich, — hioed di dei alteast, net mear di *tid*-geast neamd wurde kin.

Mar hwet üs oangiëth, litte wy dochs opriuchte Friesen bliue, ek in disre sake! End to üsers heth jimmer wier wësan hwet Dr. JOAST HIDDÉS skriuth in sin ütliids fen GIBERT JAPIKS', „Friske Tsjerne": „Gemeenzaamheid en billijkheid waren de eenige, maar ook onfeilbare titelen van aanspraak op de gehoorzaamheid van het Friesche volk. De grooten spraken daarom met de geringsten als met hun gelijken. ¹⁾

Moäte wy, Friske edelingen, heegor end leegor, der dos nei sribje, om alle greatskens foaral jinoer lândsliude ütta herte to forbaljen, üs aerd sy ek riucht end sliucht. Riucht end sliucht moäte wy wer wësa; det is, nin kinsten, nin ûnnatürlíkens er op neihâlde; mar yen self alhiel jaen lik as ma in wierheit is. O, riuchtens end sliuchtens, hwet in pear kostelike eginskippen, end ho Frisk dochs boppe alles, beide for manliude en frouliude! Litte wy dochs wer sliucht end riucht wurde, wy end üs susters, lik as üs foarfiers wieren, end och, hwet ik bidde mei, sy den ek üs üterlike biskavinge net to ûnbidich! *Wiere biskavinge omers is alinne herte biskaefdens, lik as ek wiere adel alinne herte adel is!*

Mar derta foar alles, üs dochters (in spel!) as bern net nei *kinderbals*, end lettor net nei kostskoälon, — ljeafst ütlandske fen selm, bûta da Nederlândon (ho fiërdor, ho moayor!), — beide sent mar broednësten end lear-skoälen fenner ûnnatür —; nee, diu Friske edelfaem, lik as by älds, wer inna hûs, end inner leare by hiar Mem; end den ek, hiar moed, hiar smaek, hiar sin net bidoarn, net siik makke throch det lêsen fen „romans"! Bûta, bûta, op th' lând, op th' frye Friske lând, der heäre Adela ef Sigûrda, Bauck ef Beits, Trüda ef Gerbrich, Gerlant ef Sibrich, Emma end Elbrich, Sits end Wits, end mei hokke skiëne nammon al mear üs frouliude by da H. Doap bineamd wëse meye, — der heäre se wer nei der stimme der natür, nei dër stimme, dy üs fen Gode to sidsen hath! Op da Friska lände alinne kinne Friske fammen great brocht wurde, kein end dochs blier, kant

¹⁾ Dr. JOAST H. HALBERTSMA. *Letterk. Naoogst*, Dev. 1840, bl. 99.

end dochs mûtel, fammen riucht end sliucht, gol end goed, oarbîldige Germaenske jonkfrouen, oarbîldige Friske edelfammen; der, nei âlde sede, mei th' âld-Frisk eäriser (thige smel) end det hier (net ôf knippe) ûnder in lange kanten mûtse biskûle, mei dyamanten nidle end spiëldon, mei jak end rok end slingerdoek, as by âlds, da pronkjuwielen sent fen th' Friske lând, fen al da Nederlândon, ja fen al-Thiütsk-lând!

Friske feinten in Hollând! Hâlde Jins herten fry fen alle ütlandske in-floed, blue ef wirde opriuchte Friesen, fen binnen end fen bûten. Den scille da forfrânske Hollânders in hiar greate steden, in hiar „centra der beschaving (!) thwongen wirde, om, as hia Jins herten priue ef ek mar Jins foar-kommen, Jins wêsen siogge, fen Jimme to tsûgjen: Dâ Friske feinten binne yet ris oarbîldige Germanen!”

Doch mear yet as ûs namme as Fries
Jilde ûs ûs Friske sin,
Det sin for 't eable riucht end sliucht,
Der wy mei berne binn'!

Det platte lând wer ta eare. Ek inna fiêrst forwîdera ûthernon kin d' edeling, ek dî rike edeling, kin in th' algemien eltse *kapitalist*, hy sy den edel ef ûnedel, lokkich libje, as hit der, troch Gods ljeafde end genede, mar frede is in sîn egin herte.

For den edelman, hwaens hând jimmer nuttich ef oangenam wirk fînth, der da herten der geamîgen throch goedens end gôlens wûn heth, end derby lokkich boaske is, for hin kin elke edele state, elke „Herrensitz,” in hwet afterherne ek fen Frieslând, as wenplak, in paradys wêsa. End ho folle bettor, ho folle lokkigor end sûndor for man end wif end bern, sûndor beide for geast end lichem, is den net det weinjen op sa 'n toarâlderlike state in th' formids fen da frya Friska lânde, fen da frya Friska folke, as det weinjen, nee, det by-in-oar hokjen in d' iene ef oare stêd, hwer ma yens „societêit”, yens „conversatie”, yens „ressources” (o fy, my wirth kwealik!) end mear hearli-kens (!) fen det slach habbe kin! Nee heär, nearne net kinne feinten end fammen sa reedride, kinne de jonges sa polsspringe, da feinten sa keatse, as bûta op da Friska lânde!

Ek inder fiêrste afterherne, fier fen spoar- end tramwëgon, kin ma lokkich end tofreden libje, as hit dêr binne in yens egin herte mar frede is, end dâ frede kin dochs alinne mar Hy jaen by Hwaem oera miête greate skatten sent beide fen Ljeafde en Frede, end Der elk minskebern, dy op Sîn kloppen Hin iepen dîch end ta Him komth, mei iepen earmon inhelleth, end den ek net wer los lith; dî troue Hear, Der sein heth:

„Komme allegêre ta My, der wirch end biswierd sent, end ik scil Jimme rêst jaen.” ¹⁾

Mar ûnlokkich dî minske, der bûte Gode om alinne for hin self, alinne for sîn formeits libbeth; hy forlarth fen th' iene plak nei th' oare, fen d' iene stêd nei d' oare, greatore, nearne net fînth er lok end frede, rûndom wirth er oppa lange wei det weinjen sêd, end det alles, oermits er sîn egin *ik* oeral meislipe moâth, sîn egin earm, thoär, selfsiuchtich, ûnlokkich herte. Koärtwei, ik sids yette ris, al leith ûs state ek ûren fier fenna neiste spoar-

¹⁾ S. Mattheus XI, fs. 28.

halle, ma *kin* der lokkich wêsa, binammen as ma rîdery hâlde kin, end hwa dêr den net lokkich is, siuch, der hath soks oan him selm to witen.

Hiër moät ik hwet inlaskje:

By âlds wier jimmer det „ethel” fen in Friske „etheling” net alinne state mar ek sate; d. i.: ûs foarâlden hieden self net alinne gudsen, mar ek hieden hia hiar egin ky, skiep, bargaen, m. o. w. hiar egin fie, end bibouden hia hiar egin grûnd, koärtwei, dî Friske edeling wier self: boer. For lând end folk scoed hit, thinkt my, to winksjen wêse, det ek dis âlde tastând wer ny waerth.

In th’ foardiel fen th’ weinjen bûte komth ek dit, det ma der, maklikor end mear den inner stêd, forkearje kin mei da folke, mei d’ arbeidersliudon, en der throch ek dà minsken as minsken kennen end achtsjen learth, ta bate beide fen greaton end litson, beide fen lând end liudon.

Derom jonkers en jiffers, forsomje net as jimme bûte binne, safolle soks kin, Jins geamîgen, binammen da litsen end ienfâldigen nei der wrâld, to forsîken: Jins aerd end sin scille der winste mei dwaen!

End hwet der natûr oangieth, in opriuchte Fries, fînth hit rûndom in Frieslând moai, oppa klaei like goed, al is hit den hiër end der ek net in dêr miête, as inna wâldon ef in th’ wettirlând. D’ opriuchte Fries longereth den ek net op greate ütlandske reisen; wol scil er, as hit him barre mei, freâmde en fiere oarden ris bireisgje end da hearlike skepinge Godis ek inner freâmthe ris biloitsje wolle; mar al ringen biginth er den to mimerjen oan hûs end hiem, end siongth er mei Dr. JOAST:

Alle minsken binn’ mîn broären,
End diu hiele wrâld mîn t’hûs;
Mar det bloed in Friske ieron
Krûpth nei Fries end Friesland ta.

Hearlik Hollând mei dîn steddon,
Moaye grêfton, jild end ried:
Hwer scoe ‘k earne ljeavor weinje
As der mar nin Frieslând wier.

Gelderlând! hiër op dîn bergon
Sean ‘k Gods moaye wrâld in th’ rûnd.
O gesichten! ho forruklik
Is ‘t der jinsen oppe grûnd!

Friske hert! kinsth hiër noch grîne?
Hert, mîn hert, ho stûnesth’ sa?
‘k Bin fen th’ platte lând ûnwennich;
Och! ik mätot nei Frieslând ta!

Frieslând, Frieslând! da lândsdoue
Der ûs mem my widse heth;
Der ik boärte mei da famkes,
O! det lând forjit ik net. ¹⁾

Det Frîsk wer in der mûle des Adels. Boppa end foar alles moäte da Friske ethelingen wer Frîsk prate, mei elkoarm end inna hûs, mei wif end bern end thiênstboadon, ja, sa folle mûglik, mei elkum, der Frîsk forstieth, heech ef leech, rik ef earm. End det kin bûte op th’ lând sa skoan, as wi hit mar eärnstich wolle. End det moäth ek, hit is in earste eask, lik as ik in th’ bigin skrieau, as hit ûs in wierheit eärnst is mei th’ Frîskdom, mei der Friske sake. „Diu teal is diu siele der natie, hia is diu natie self” end bûta der sprake om goê-Fries wêse to wollen, kin net.

¹⁾ Dr. JOAST H. HALBERTSMA: „Frieslând”, in da „Rimen end Teltsjes”, Dimter, 1881, bl. 62.

